

FIOUER ROTTEN IEN IN FALLE

OF

LIEAFDE SIKET LIST.

TOANEELSTIK iN THRYE BIDRIUEN

TROCH

J. HEPKEMA.

Oarde Printinge.

HEARENFEAN.

N. A. HINGST.
1876.

146

147
H
45

L

147. H. 45

Fiouer Rotten ïn ien Falle

OF

LIEAFDE SIKET LIST.

TOANEELSTIK ïN THRYE BIDRIUEN

TROCH

J. HEPKEMA.

Oarde Printinge.

HEARENFEAN.

N. A. HINGST.

1876.

PERSONEN.

DOAVE SIOUKE, in ald boer.

SIMKJEN, sin wif.

MARYKE, hiar dochter.

WILLEM, de feint.

KEE, de faem.

STAMSMA, studint.

OEBELE, in boeresoan, fryer fen Maryke.

It toaneel is in fiûrhok of middenhûs; riuchts is in binnens-, lofts in butendoar, dy nei de skûrre liedt. — De tsjîsery is sa fulle dwaenlik foar hânden, tominsten in brokade en waitobbe. In siou âlde klean en deronder fen de boer, dy heel âlderwetsk en freamd binne, lidze oj hingje in ien fen 'e hoeken fen 't toaneel. Ek steane er in pear amers.



Hji
't Is :
arbeid
en da
comm
vernij.
by 't
't lif :
bisitte
den bi
En
wrotte
foarûts

EARSTE BIDRIUW.

It toaneel is in fûrhok of middenhûs.

EARSTE TOANEEL.

WILLEM allinne. (*Hy is oan 't tsjîsjen.*)

Hjir stean ik nou wer ïn 'e brokken om to klauen.
't Is moarnsier en jûns let, ienkear arbeidsje, altid
arbeidsje. Ja, it boerelibben mei in *fry libben hiette*
en dat is 't ek as min mei in lange pîp ïn 'e holle it
commando fiere kin: ïn *wierheid* is 't oars in *sla-
verny*. It jongere geslacht moat allegearre klûtsjende
by 't waltsje lâns om de foetten sahwet onder
't lîf to hâlden. Hwent de *genade* fen de greate lân-
bisitters is út 'e wei, sint de boeren hearen wir-
den binne.

En den bin ik yet mar boerefteint! 't Is altid
wrotte, skreppe en skûrre sonder ein. En hwet
foarûtsichten ha 'k?

Ik bin in dominy's soan en mîn âlden ha my hjir
 to plak brocht — sa 't de wrâld mient, om 't ik
 lieafhabbery foar 't boerkjen hie — mar, och! dat
 wier 't net. Liu, dy 't net sa rom ïn 'e wrâld ha,
 binne follentids segene mei de measte bern. Sa
 gîng 't mîn âlden ek. Studearje, op studsje, dat
 koeden hia net ûtsionge, en boppedat hie 't sîn
 ûtfallen ek; hwent hofolle mispunten scoeden de
 thrye hegeskoallen fen ús lân jiers wol net ûtleverje?
 Dêrom en ek omdat Pa begriep, dat in onbestu-
 dearre dominy's soan, ïn in dorp of stêd krekt sa-
 folle ïn tel is as in rottige apel by in grientewîf,
 hat pa my hjir to plak brocht. — Sîn birekkening
 dêrby wier disse: » *Willem moat mar by Sioukeboer
 wenje, dy hat mar ien dochter, en der is wol modder
 oan 'e kloet. Ho licht kin 't net ris ta in engage-
 ment komme mei Willem en Maryke. Sa dageliks
 om- ende by-enoar, jonge! dat kin sa ongemirken gau
 'ris safolle tagenegenheid forwekke, dat it lieafde
 wirdt, sadat se op 't lëst net mehr buten enoar kinne.* »

En ik mocht nou wol lye, dat pa sîn birekke-
 ning mar neikaem. Mar, och! ho giet it tjsinwir-
 dich ïn 'e wrâld: » De minskesinnen binne sa *on-
 gelik* seit min, mar ik klei er faken oer, dat se
 sa mei elkoar oerienkomme. Hwent it famke, wer
 't ik mîn sinnen op set ha, der binne sa folle sol-

licitanten om, en deronder mei sokke kreftige pom-pieren, dat mines egentlik nul en fen gjin wearde binne. It ienichste, hwet ik foar to bringen ha, is *sûn forstân*; mar mîn beide swierste partyen, dy ha *jild* en dy ha *greatheid!* En hwet is den *sûn forstân*?

Hy siongt.

WÎSE: *Wat is een man al zonder vrouw.*

'k Romje op gjin greatheid, jild of stân,
Dy m' oeral 't heechste set;
Ik romje allinne op *sûn forstân*;
Mar och! dat telt min net.

Al is min dom, lîk as in kou!
Wês' deroer net ïn noed,
As m' ek in tontsje goud bisit,
Den komt de rekken goed.

Al is m' in swind'ler ek ïn 't great,
Och friñnen, dat is neat,
Kom foar as man fen heger steat,
Den wirdst' dochs achte en eard.

Hy set de brokade wei.

Ha ik it hjir net riucht nei 't sin,
Leau fry, der bin wol mear,

Dy ek hiar lêst en sorgen ha,
Al bin se great mînhear.

*De beide lêste rigels fen elts
couplet kin min twaris sionge.*

OARDE TOANEEL.

WILLEM, STAMSMA.

STAMSMA, *hiel losjes klaid, mei 't
modejaske sa mar oer 't
wit of read ingelsk himd
en in tyroler hoed op, komt
troch de efterdoar.*

My thinkt Willem, datstou wer oan 'e swierste
sile lûkste. Hwet siongste fen lêst en sorgen ïn 'e
wrâld. Doch as wy, knip op 'e neil en sioch mid-
den ïn 't fortriet jimmer de sinne fen 't gelok op-
kommen. Us leuze dy is:

(siongende.)

Lit mar waye, waye, waye!
Lêst en sorgen ût 'e wei!
Lit se farre, farre, farre,
Fry en froalik giet er mei!

WILLEM.

Jim kinn' prate, prate, prate,
 Krekt as ha jim gjin fortriet,
 En dat 's larie, larie, larie,
 Elts hat sorgen bûten miet.

STAMSMA.

Mar sids ris Willem, bin jim' folk er jûn ek op
 ôf rekke nei Jochems? Of sit de âld rot wer mei
 de holle ïn 'e jildkiste en mei de skjirre ïn 'e âld
 Russen to tisen?

WILLEM.

Né man! Hia binne al ïn tîds op stap rekke. As
 de âlde nei dy Jochem Oebeles scil, den is er to
 hâlden noch to kearen. Jou moatte thinké, it binne
 liu fen ien gelove: »*hâld fêst sa folle as 't kin,*»
 dat is hiar leare.

STAMSMA.

Ja, wolste Jan domen wol leaue, dat dy beide
 âlde jildwolven hiar berntjes bêst 'ris onder elkoar
 forkwanselje kinne, en dat Maryke, dat loddrich
 fanke, yet ris mei dy sûch fen in Oebele to bêd
 giet. Jonge, it jild is troch alle tîden en ïn alle
 dingen in kreftich middel wêst. It sangkje seit net
 forgees:

Wat wordt het vurigst aangebeênen? Het geld.
 Wat stelt men boven recht en reën? Het geld.
 Wat is in 't ondermaansche rijk
 En God en duivel te gelijk?
 Het geld, het geld, het geld.

Wat wordt er in den man geacht? Het geld.
 Wat geeft hemi aanzien, eer en macht? Het geld.
 Een grijsaard vindt het schoonste wijf,
 Hij wordt bemind met ziel en lijf,
 Om 't geld, enz.

Hoe lenigt men een bittre smart? Met geld.
 Hoe stort men liefde in menig hart? Met geld.
 Ja, 't hart ons 't minste toegedaan,
 Kan men in laaie vlam doen slaan —
 Met geld, enz.

En ik scoe sorg ha, dat ik Maryke ik yet ris sa
 gean scoe. Troch oanstean en oanfiterjen fen d'âlde
 kin hia bêst ris troch 't jild forblîne wirde en in hou-
 welik oangean tsjin hiar sin, dat har al hiar lib-
 ben rout. Hwent de âlde, dit witte wy, alhowol
 er by tûsenen en tûsenen bisit, wol er doch jim-
 mer mar mear ha, en — de *rikste fryer* for it famke
 is folgens sin birekkening ek de *bêste man*. Dy gier-

gert! Ik leau hy scoe foar in cint stjearre wolle, as er
wiste dat er foar in healtsje wer libben wirde koe.

WILLEM.

Mar Stamsma! scoe 't ek net ris wierheid wirde
kinne, hwet it sankje seit:

Daar schraapt zoo menig dwaze vrek veel schatten by
elkaâr;

Hij gunt geen arme bloed een cent, maar gaârt en
stapelt maar.

Maar pa die sterft, en zoon krijgt pas die schatten
in zijn macht,

Of in het schandelijkst genot wordt alles doorgebracht!

Ach! keerde nu die pa eens weér,

Dan zong hij zuchtend op mijn eer:

O mein lieber Augustyn! Hoe kon 'k zoo blind toch zijn!

Geld is weg, Goed is weg!

O mein lieber Augustyn! alles is weg!

STAMSMA.

Is dat in stek onder wetter troch, dy my jilde
moat, of moatte doave Siouke en ik dy pille togearre
swolgje?

WILLEM.

As master oan hûnderd bern freget: hwa fen jim-

me hat my jister foar in esel útskeld, den is dy
jingē, dy it »ikke net, master" útsprekt trochstrings
de skildige; en scoe 't ek hjir sa net wêse?

STAMSMA.

Den thinkste wrichtig, dat ik er yet wol ris mei
Maryke op ôfgean koe? Jonge, jonge, mocht dat
ris wier wirde! Ja, den leau ik ek al, as *ik* ien-
kear oer de stumpert sîn jildkiste it commando fierē
scoe, dat er nei langte fen tîd wol sionge koe:

O mein lieber Augustyn! |
Hoe kon 'k zoo blind toch zijn! | *bis.*
enz.

Mar sioch! ik scoe wol oppasse, dat ik fleurich
it ein krike, en dy den libbet dy den sorget. Wy
binne hjir net ïn 'e wrâld komd om to suchtsjen
en to kliemen, yet folle minder om it gouden keal
to oanbidden en it jild ta in ôfgod to meitsjen.

WILLEM.

Mar ek net om it ïn skandelik geniet troch to
bringen, lîk as dat mei folle fen jimmē liu it ge-
fal is.

STAMSMA.

Nou, mar hwet scoe den yet it bête wêse, jins

nocht der tige fen nimme, of sitte to suchtsjen en
to kliemen, as er ien heale cint by dy tûsenen en
tûsenen fen gânen wei moat? Né ik sids:

WÎSE: *De wereld is in rep en roer.*

Al wer it stomme kâlde jild,
De winsken fen it minskdom stilt,
Der is 't net út to hâlden. (*bis.*)
Hwa 't jild as ôfgod eare jowt,
En al sîn kreft op rikdom bout,
Is net foar wîs to hâlden. (*bis.*)

WILLEM.

As 't jild allinne tsjinje moat,
Ta rou en sinnelik genot,
Wer giet it den ek hinne. (*bis.*)
Den reitsje er folle oan 'e dîk,
En wirde op 't slimst in dier allik.
Hjit dat den »side spinne”? (*bis.*)

Togearre.

It jild kin al in bulte dwaen,
It kin riu nocht en wille jaen,
Mar ek in bulte pine. (*bis.*)
Dy jimmer ïn to klauen wit,
En him fen 't jild regearje lit,
Dy scil gjin wille fine. (*bis.*)

En och, der bin sa 'n bulte liu,
 Dy jimmer ïn hiar deisk bidriuw,
 Mar swietsjes lûke wolle. (*bis.*)
 Net riucht en rûn, mar fin en draid
 Wirdt mannichien fen har bikaid,
 Wilst hia hiar busen folle. (*bis.*)

Dy sîn kaptael to bruken wit
 Sa 't folgens riucht en plicht biheart,
 Dy kin in skraebhans leare, (*bis.*)
 Ho net troch fine lûkjes dwaen,
 Mar troch elts lik en riucht to jaen,
 Min achting wint en eare. (*bis.*)

WILLEM.

Mar nou moat ik ris by de hînsers sjen. As jy
 ris oanstekke wolle, dêr leit tabak. (*Hy giet.*)

THRÊDE TOANEEL.

STAMSSMA, *allinne.*

Hwet kin 't al freamd net? 'k Ha nou in wîke
 of hwet thûs wêst mei de vacansje, en dei oan dei
 boartsje ik hjir om in âld giergert hinne, dy 'k foar
 min eagen net sjen mei. Min moat de dîvel mar
 ta friûn hâlde, opdat er yen gjin quea docht. —

Dêrom spîlje ik den ek jimmer oan mar: tuike! tuike! en lit de hûch nei de wîn hingje. Mar alles is bûter oan 'e galge smard. De âlde Nabob hat sa 't liket, de flok oer my ûtspritsen.

Memke kin 'k oars yet al by 't hert krye; dy wol de hichte wol ïn, en as it oan har laei, scoe 'k Maryke er hiel wol ôfswikke; hwent it fanke sels, och! dêr ha 'k to mûk al safolle gekheid mei hawn, dat ik dy hiar tinken wol riede kin. Sa 'n jeugdige festing ïn to nimmen, der bihoeft min wrachtich net iens studint for to wêsen. — Dat ik memke (ja, sa neam ik har by wilen al) en rôd foar eagen draei en jimmer fen greate dingen praet, omdat hia it lok fen hiar dochter sikenet ïn *hege rang* en *stân*, — dat ik memke fen greate dingen praet, dy nea komme scille, och! dat bigripe jimme, as ik sids, dat mîn lieafde for 't jild egentlik wol sa sterk is, as mîn lieafde for 't bern. Nou scille jimme fen my sidze, dat ik net dyjinge bin, dy 't ik likje. 't Is treastlik, dat er mear mei my binne. Lîkjen en wêsen meitsje ïn 'e wrâld faek greate contrasten. Hark mar:

Wîse: *Ik ben een Geldersch boertje.*

Der is sa mannich boerke,
Dy jimmer kliuwt om heech; (*bis.*)

Mar sjoch! ïn 't jildkantoarke,

Der binn' de laedtsjes leech.

Sa'n hearich boerke mei nou in bulte lïkje,

By greate liuwe sîn heil en treaste sîkje, —

Wei, mei dy hege steat!

O fy! in boer, sa great, (*bis.*)

Dat kin gjin touwen hâlde,

O né, dat liket neat!

Sa man nich falske preker,

Wol 't minskdom better ha: (*bis.*)

De holle alheel op side,

De eagen omtrint ta.

Sa'n fromme preker mei nou al deugdsom skine,

By domme liuwe sîn heil en treaste fine, —

Och! sjoch dy man ris nei,

Ho 't hy by 'n droef geklei (*bis.*)

De kat faek knîpt ïn 't donker,

»Genade“ ropt by dei.

Sa man nich boeredochter,

O fy! hwet hege steat! (*bis.*)

Horloges al op side,

En alles wit ho great!

Sa'n boereberntsje, dy 't nou in jiffer liket,

Lieafst búten hûs hiar heil en treaste siket,

Dy is as faem al neat:
 As frou dos gléd forkeard, (*bis.*)
 En komt s'iens hûs to hâlden,
 De man dy rekket bleat.

Der is sa mannich feintsje
 Fol lieafde, sa 't er seit, (*bis.*)
 Foar har dy ïn sîn earmen
 Sa swiet to slomjen leit.

Sa'n lieafde mei nou sterk en kreftich skine:
Licht scil men moarn him sa by 'n oaren fine, —
 Dat iwich lieafdefiûr
 Is faek sa kort fen diûr; (*bis.*)
 It flucht as reek foar 't wîntsje
 En sjoch! dit bliuwt er oer.

Hy lit de lege hânden sjen.

Sa mannich heechleard master,
 Dy hat in bult lawaei, (*bis.*)
 Hy slacht mei hân en foeten,
 En rint mei 'n hele draei.

Sa 'n greatske quast mei nou in kening skine;
Jild noch forstân scil men ea by him fine.
 Sa 'n heechgelearde Piet,
 Ta hjir oan ta faek wît (*bis.*) (*gesticulatie.*)
 Kryt, ho 't er Rotschild liket,
 Gjin oartsen op kredît.

Der is sa mannich famke,
 Sa loddrich en sa blier! (*biz.*)
 Mei d' iene hân oan 't widske,
 En d' oare faek ïn 't hier.

*Sa'n loddrich famke mei nou al lokkich lîkje,
 By pop en widske hiar heil en treaste sîkje, —*

Hiar frye fammesteat,
 Dy hia sa gau forgeat, (*bis.*)
 Dy spilet hiar foar eagen,
 En, o! sids den mar neat.

Der is sa mannich hûske,
 Hwêr frede en freugde blinkt! (*bis.*)
 Mar hwer 't ek, sjoch, dat 's wêsen!
 Riu hel en dîvel klinkt.

*Sa'n deftich hûske mei nou in Eden skine,
 O, faek en folle scil min in hel der fine; —*
 Leau fry, dat al hwet skînt,
 Us each hjir faek forblint. (*bis.*)
 En hwer 't min »wêsen“ sîket,
 Dat min der »likjen“ fint.

En hwerom scoe ik den ek net hwet lîkjemeye
 sonder it to wêsen? Neat wêse en neat lîkje, dat
 is allegearre neat!

Studint, studearje ïn de medicinen — in deftige

namme — jonge, dat klinkt yet al hwet; tsjep en moaderich ïn 't habit — jonge, dat blinkt yet al hwet; goed en leidich prate en skriuwe en 100 % minske-kennis mear as min trochgeans by de boer forwachtsje kin — jonge, dat seit yet al hwet; mar mei dat in al, stiet it kwik fen mîn jild- en credit-thermometer en aerdig eintsje onder 't nulpunt en sit my de kweal hjir (*hy klaut mei beide hânden in 'e lege broeksbusen om.*) En dy kwael kin allinne to boppe komd wirde troch in rîk houlik.

Foarûtsichten ha 'k net. Sint de boeren folgens in biskikking fen 't greate lânsbistiûr, allike knappe dokters ha moatte as de hearen ïn 'e stêd, sint dy tîd ha 'k gjin liocht sioen om ea to promoteeren en ha 'k de boel sa ïn 't hûnderd jage, dat ik er gjin gat ïn sjoch.

Faker as ienkear ha 'k klear stien as skipsdokter nei Amerika oer to stekken, en der mîn lok to probearjen, en safier scoe 't ek binnen kort komd wêse, wier 't net dat ik âld Siouke sîn dochter ïn 't each krige en efkes ïn 'e keart loerd hie. ik mei dat bern wol net sa bîsterbaerlike graech lye; mar sjoch! in wîf en 't jild, dat hia mei bringt, binne lokkich net onôfskiedelik forbûn mei elkoar — as min yens noct hat fen 't wîf, kin min mei

't jild stiltsjes nei d' oare wâl stekke, en dat kin,
ja, dat scil barre; — as ik mar earst mîn scepter to
swayen hie oer dy âlde Russen, Tirken en Oosten-
rikers, dy hjir ïn legio biskule sitte. En dérom:

Lit mar waye, waye, waye,
Lêst en sorgen ût 'e wei!
Lit se farre, farre, farre,
Lêst en sorgen, foart er mei!

Lit my draye, draye, draye,
Och, den scil ik grif en fêst,
Kening kraye, kraye, kraye,
Hjir oer 't âlde Russenêst.

Memke flaye, flaye, flaye,
Den scil dy my 't jawird jaen,
't Famke aye, aye, aye,
Och, den is er neat to dwaen.

*Vrolijk maar op de baan;
Vrouwetjelief, het zal wel gaan.
Schep vreugde in 't leven,
Zoo lang het lampje schijnt enz.*

FIERDE TOANEEL.

STAMSMA, KÉ EN WILLEM.

KÉ, en fóart dernei WILLEM komme elts fen in kant it toaneel op. KÉ mei in nappe mei ierdappels. STAMSMA falt op har oan en ayt har de wangen. KÉ scil him ófwarre, mar dérmei stoue er in mannich ierdappels it toaneel oer.

STAMSMA.

Wel Ké, hwet bin 'k bly, dat ik dy sjoch. Dou hast sokke mollige wankjes siker wier, en hwet in lieaf tûterke. 't Is wrachtich to goed, dat it gjin mear rinte doch. Ik moast de intresten er mar fen lûke. (*Hy wol har in patsje jaen, hia wart him of, de ierdappels falle en Willem komt rimpen op har ta.*)

WILLEM.

Hou! hou! hou! hwet nou?

KÉ, bynei tagelik (brimstich.)

Dat hat yet neat gjin haest, Stamsma! jou scille der in Hollân sa folle intresten wol litsen ha fen dy

»lieve lysjes," dat jy, tocht my, ûs hjir wol mei
frede litte koeden. O, man!

WILLEM.

Nou Stamsma, hwet sids jy, is dat gjin mannetael?

STAMSMA.

Ei, ju! de frouliu prate mar hwet. As min se
heart binne hia allegearre allike bang en fy. As min
se mar efkes (*hy rint wer op har ta*) foar 't mûl-
tsje komt, is 't krekt as hia dea moatte. En dochs
binn' se in 't hert er allegearre allike hiet op. Dou
meist er ek hiel wol 'ris oer, KÉ, dat se dy 'ris trolje
en in 'e maling nimme. Min siongt net forgees:

Ja famkes jimm' ha hjir in himmel op ierd,
It is krekt as jimm' paed troch de rosen hjir giet,

Mar pas fiftsien jier,

Of lieafde sa wier,

Dy jowt jimme al wille en nocht en plesier.

KÉ.

Ja, mar min siongt ek:

Mar brûk den dy lieafde in deugd en forstân.
Stean op jimme eare en bliuw in jimm' stân.

Ja siker 't is wier,

Dy lieafde sa ier,

Ontnimt mannich famke hiar wille en tier.

STAMMSMA, (*rint wer op har ta en seit flayerich.*)

Dou bist oars net lilk op my, wol Ké?

KÉ.

Lilk? hwa scoe op jou lilk wirkde kinne, sa 'n ingel fen in jonge. — As jy de ierdappels mei opsikje wolle, dy 't jy sa pas oer de grûn bruid ha mei jou gekheid, en ûs den in hântsje helpe to jassen, den scil de kwestie ût 'e wei wêse.

STAMMSMA, (*forheard.*)

Ik jasse? In studint ierdappeljasse? Nou net freamder! Dat drayen, sa in 'e rûnte (*hy pakt in ierdappel en makket de beweging fen it skile n*) aloan en alwei kin ik lang net oan mîn swakke hersens útsteau. (*Willem en Ké ha pleats nomd, elts op in amer en begjinne to skilen. Stamsma sjocht it toaneel rûnd.*)

STAMMSMA.

Mar hwet foar freamd gûd ha jimme dêr hingjen ? Is dat de âlde Nabob sîn rok en kamisool? Jonge, lit my dat 'ris efkes om mîn ribbekas pasje. Mîn wit net hwer 't goed foar is. (*Stamsma tjocht it pakje klean oan, wilst Willem en Ké laitsjende der nei loere.*)

KÉ.

Nou scil je wrachtich wol in moaye keardel wirde,
Stamsma.

STAMMSMA.

Ja, nou scoe 'k net forgees by dy oanklopje. Scoe
't wol Ké?

KÉ.

Dat hie sîn ûtfallen yet.

STAMMSMA.

Scoeden de echte giergerts allegearre sokke greate
flappen op 'e bûsen ha? (*Hy tilt de flappen fen e
jasbûsen op en stelt him kort derop in folle postuur.*)

WILLEM.

Nou mankearret er wrachtich mei gauens neat mear
oan, as de riksdealders, Stamsma. As jou dy nou *ek*
hieden, den wieren jou âld Siouke in hear en fear.

STAMMSMA.

Ja, man! de riksdealders; der sit him de foef
Och, hearejé (*hy skoddet him fen noct.*) Mocht it
'ris riucht oars oan wèse en it Sioukeboer wêsen der
oan mankearje, den naeide ik er ût, sa hird as ik fleane

koe, (*Hy fliucht hird nei de doar*) en den koe 'n jimme
mei gauens mar sionge:

En Stamsma die is er verdwenen,
En hij komt nooit weêrom, *enz.*

WILLEM.

Dat wier foarût wol to sjen, hwent ik wol leaue,
dat jou jimmer »*aep hwet heste moaye jongen!*“ spilje,
allinne om it safier to kryen.

STAMMSMA.

Och, Willem! der binn' sa folle dingen, dy min
foarût sjen kin. It girdin fen 'e takomst kin min in
folle gefallen wol sa efkes oplichte of der bytroch
loere. Hark ris:

Foart, mannen! ut 'e wei, der komt minhear Effekt
oanjeyen

Mei in beugelsjeas. Wel hwet fliucht dat er oer!
De petten ôf, en wol in bûging meitsje
Foar dy monarch, dy sitting hat in 't hege lânsbistiûr.
It is in hearskip, nei 't min seit, dat hjir oer tûsenen
gebiedt,

Elts, dy hwet jild to missen hat, (*hy jowt in heech
percent!*)

Dy bringt it him. Hwerom? Wel om 't it nearne
wisser stiet

As by sa 'n great mînhear, hwaens rîkdom, macht
en ear

Heel Frislân is bikend. —

En dochs mîn Friûnen! ja, dit kin ik troch it
gîrdin der takomst sjen!

Leau fry, dat min ïn korten fen dat hearskip
sionge kin:

KOAR.

Wîse: *Marlborough.*

*Mijnheer die gaat er naar Londen,
En hij komt nooit weerom, enz.*

Foart, mannen! út 'e wei, der komt in jeugdig pear
aanstappen,
»*Twee harten gloënde aaneen gesmeed.*” Dy ien de selde
winsken ha.

Hia ha elkoar *sa lieaf*, de ien' kin gjin ûre bûten
d' oare mear,
't Is roas en lelie op hiar paed, en buter aan 'e
boayem ta. —

En dochs, mîn Friûnen! ja, dit kin ik troch 't
gîrdin der takomst sjen,
Leau, dat dat pear nei in wike hwet mar sionge kin:

KOAR.

*Die liefde ging er ras henen.
En zij komt nooit wêrom, enz.*

In âlde bêste rîke Omke lei op stjearren.
Tal fen neven en fen niften fleach of en oan,
Krekts as de flinters dogge, om in moaye hunichblom;
Hia beaën om betterskip. Net ien- mar tsienkear
 op in dei,
Foar Omke, dy 't in moaye tromp mei Russen hie
En kort dêrnei oan 't testamintsjen wier.

→ Mar och! dit kin min dûdlik troch 't girdin der
takomst sjen,
As Omke er ûtknipt, dat min mei de erfgena-
men sionge kin:

KOAR.

*En Oompie, die ging er ras henen,
En hij komt nooit wêrom, enz.*

Sjoch, dy bliere lieave famkes, yet sa fleurich en sa bly,
't Is mar wille, tier en freugde op hiar goud'ne
 libbenswei.
As de fûgels ïn 'e beammen, ja, sa froalik en sa fry,
Boartsje se om de blomkes hinne, dy op 't paed der
 lieafde stean;

't Binne blomkes fen de minne; mar net ploaitse,
né, moayer,
Better scil der yet wol komme, lit ús mar hwet
fjirder gean,
Fjirder, fjirder, fjirder mar; idel famke, sids, och, sids!
Hwer bliuwt to lést dy romme kar?

Ja, Friûnen! ja, dat kin ik troch it gîrdîn der takomst sjen,
Dat man nich fen dy famkes as âld faem, mar sionge kin:

KOAR.

*De kans is nu verkeken,
En zij komt nooit weerom, enz.*

STAMSMA

Nou, hwet seiste, Ké! gîng dat net moai?

KÉ

Sa moai, dat ik troch de sterke oandacht siker
in heele ierdappel forskild ha.

STAMSMA

Dat 's net sa slim, fanke! Us professor seit, — en den is 't fen sels ek wier, as in professor it seit, — ūs professor dy seit: de ierdappels, de ta-

bak en de koffy en thé ha 't minskdom alhiel in
 'e onderwâl holpen. Hwer fint min nou dy kreftige
 keardels fen alear, lik as se ûtteikene en biskreawn
 binne? 't Is skielk safier, dat min Adams neiteam
 mei de kears trochliochtsje kin.

WILLEM.

Nou, den scil er wol freamde gesichten foar 't
 liocht komme. Stom noch ta, Ké! den moast ik dy
 de lampe al 'ris foar 't hert hâlde, om ris wîs to
 wirden, hwet er al sa in din lieafdefondamint om
 tagiet.

KÉ.

Ik ken wol oare herten, dy stou lieaver bistu-
 dearreste.

STAMSMA.

Dou kinst er wol op oan, Willem! dat as min
 de minsken tsjinwirdich ris foar 't liocht hâlde koe,
 lik as in drip wetter foar in forgreatglês, dat min
 greate magen fine scoe mei en bâtsje der in en
 lîtse magen, dy 't alhiel oerladen binne; — greate
 herten, dy 't in wierheid lits binne — longen op-
 föld mei stof en roet en mannich lever sa great as
 in bornamer fen 't folle jeneverdrinken.

Mar hwet tinct jimme wol scoe er yet aller-meast ïn ûs gea fûn wirde?

KÉ.

Arbeidersfrouliu, dy jimmer teutsje en rabje fen
in oar, en hiar egen hûshâlding forslofje en for-smoargkje litte.

WILLEM.

Né — liu, dy de greaten streakje en flaye en hiar
minderen flokke en bidraye.

STAMSMA.

Ek net, scil ik it jimme sidze..... greatheid.

Wîse: *Bluflied.*

Berntjes yet gjin fiouer jier,

Kinne roake,

Kinne smoake,

As in man fen fjirtich jier.

Och, dy greatheid komt sa ier!

Folle boeren, leau my fry,

Ride en jeye,

Dei oan deye,

Merken, pretten, foaroan by!

Och, hwer bliuwt sa 'n boerkery?

Famkes, yet gjin fiftsien jier!
 Feinten krye,
 Donsje en frye,
 Jimmer ûtgean foar plesier!
 Thûs de hânden faek in 't hier.

Sjoch dy boerdochters gean;
 Och, ho swierich
 Glêd en tierich,
 Goud, juweel en sîdne klean,
 Wel hwet komt 't er by to stean!

Der bin in bulte liuwe, dy
 Jimmer skrieme,
 Suchtsje en klieme,
 Preekje as wie 'n se dominy!
 'k Leau der 's fine greetheid by.

Foarsten op hiar hege troan,
 Och, dy wolle,
 Faek en folle,
 Fiuchtsje yet om greater kroan;
 't Komt mar op de folken oan.

Sjoch dy Franske en Prûske steat,
 Hwet in minsken
 Tsjin hiar winsken

Wirden nei it slachfjild lead,
 't Moast in oorloch wêse ïn 't great!

Koar nei elts couplet.

Great! great! allegearr' great!

Hwet scoe de ierde,

Oars ek biede?

Great! graet! alles *in 't* *wol* *great.*
moat

Sonder great, is 't libben neat.

Min heart hwa oan 'e doar.

Allegear wirde thige kel.

WILLEM en KÉ, *springe oerein. Tsjin Stamsma.*

Us folk, hear! — Kremis nochta! Meitsje dat je
 ãt 'e wei komme!

STAMMSMA, *sikjende.*

Hwer scil 'k hinne?

*Hy krúpt efter de waitobbe
 ef efter it skerm, dat by
 't fiûr stiet.*

Sa kin 't!

FiFTE TOANEEL.

DE FOARIGEN, OEBELE, *sleau en oerlangsum in sín
praet, slif in sín hâldingen.*

OEBELE, *in 'e doar.*

Ik ha der foar ek al wêsen, mar der fornim ik
gjin minske.

KÉ.

O jé, den stiet de foardoar jette los. Der mei 'k
wol gau op ta; oars koeden hia ús boer sîn lieave rîks-
daelders ek wol ris helje en den wier er gjin rie ta.
(*Hia giet.*)

SECHSTE TOANEEL.

STAMSMA, WILLEM, OEBELE.

WILLEM.

't Scoe jou skea werde kinne. — Nou gean mar
sitten. (*Hij wist nei de waitobbe en Oebele nint der-
op pleats.*)

OEBELE.

Ei, dat wit ik net; ik scoe net witte ho ?

WILLEM.

Hwet wonder! Nou mar ik wol safolle to better.
Hwent dat jou er skielik mei Maryke op ôfgeane,
dat is ommers sa wis as de bank.

OEBELE.

Praet my net fen Maryke; der scil dy Stamsma
doch wol mei ôfgean. Dy is hjir ommers hast al-
tiden om 'e doarren to strûnen, nei 't de liuwe sidze.

WILLEM.

Nei 't de liuwe sidze! leauwe jou den, hwet de
liuwe sidze?

OEBELE.

Wis en wrammels leau ik dat.

WILLEM.

Nou, den sids ik, dat jou net felle wîs binne. Rinne
jou den yet sa 'n faem efter 't gat, dy 't jou ta in
boantsjelap makket? Ik woe lieaver, as ik sa 'n feint
wier as jou! Jou kinne ommers to keur en to kar gean,
as jy ïn 'e fraemdte wolle. As dy boeresoannen, al-
heel in goud bislein, der op sa 'n dik, fet en moai

optûgd hînsen oanjeyen komme en derby de kinst
forsteane, om hwet lawaei to slaen, den nimme hia de
frouliu al ridlik gau ïn, al binne 't oars ek mar Jang-
gatten. Dy Golenga ek der ten Baerd, dy ken gjin
tsien telle as er op 'e stoel sit en op 't hînsen liket
it wol in Jonker of Baron dy Salomons wîsheit bi-
sit. Dêrom net, 't is om 'e dîvel allegearre gjin
goud, hwet er blinkt, mei dy freamde snûshoannen.
Thûs ha hia faken it spil bidoarn en in fatsoenlike
faem siocht se lieaver gean as kommen. Mar ik wol
mar sidze as *sokken* al himmelheech optild wirde, hwer
moatte se *jou* den wol net sette?

OEBELE.

Der haste gelik oan, Willem; mar as Maryke bet-
ter mient to kinnen, mei dy keale Studint, dy 't er
ïn 'e boppelânnen — och, ho hiet it ek?

WILLEM.

In Amsterdam, mien jy?

OEBELE.

Ja, dêrre. As Maryke, wo 'k mar sidze, mei sa 'n
sûlap better mient to kinnen, as mei my, den moat
hia it witte. As ûs heit ris weirekket en mîn beide
broers, dy forline maye troud binne, gjin bern krye,

en foar my komme wei te reitsjen, wol 'k nou mar
 'r is foronderstelle, den hoef ik net mei forkearde
 hâanden to stean, den kin ik se hjir allegearre
 wol belikje.

(*Stamsma stekt by wilen de
 holle op en makket freamde
 grimmatsen efter Oebele sín
 réch.*)

WILLEM.

Nou just, dêrom woe 'k ha scoen' je gjin moaye
 praetsjes meitsje en altîd prate fen setsjes en pret-
 sjes om op 'e throan to bliuen, tsjin sa 'n faem,
 dy 't ïn alle gefal net folle mei jou op hat, as se
 ek mei Stamsma oanhâldt, lîk as je sidze.

Hy siongt:

WÎSE: *De wereld is in rep en roer.*

As min de famkes paeit en docht,

En altîd praet fen pret en nocht,

Den lit se jin net sjitte. (*bis.*)

Mar bin dy set- en pretten oer,

En ha se oars hwet ïn 'e loer,

Den wol 's 'n 't fen yen witte! (*bis.*)

OEBELE.

Kortlin do stie yet alles bêst,
Do ha 'k mei har to rideñ wêst
 Hwa wit wer earne hinne! (*bis.*)
En nou mei oaren om to slean,
Min moast har stomp de bons' mar jaen,
 En lit se stiltsjes rinne. (*bis.*)

TOGEARRE.

Sa giet it hjir ïn disse wrâld;
Dy preekje wol om sîn bihâld,
 Dy moat mei 't wîntsje waye; (*bis.*)
Mar dy 't de boppetoan earst hat,
Dy stelt sîn mindren licht de wet,
 En kin mar kening kraye! (*bis.*)

OEBELE,

STAMMSMA, (*flucht rimpfen oerein, skûrt
Oebele mei geweld efteroer
sadat er hals oer kop in 'e
waitobbe tommelt.*)

STAMMSMA.

Né, dou dîvel in 'e lichte nei din flaeue smeulske
praetjes. Lilke aep aste biste, ik seil dy nou ris
fortelle wer 't sokke hege liu as dou to lânne
komme.

(*Oebele bâlt tige mál; Stam-
sma makket him foar alles
ut hwet gemien is; Willem
skoddet fen laeitsjen. It gir-
dín falt.*)

O A R D E B E D R I U W.

Moarntid.

EARSTE TOANEEL.

MARIJKE, *allinne.*

(Hia is oan 't droechskûrjen of trochheljen.)

*Hia siongt:*Wîse: *In it lîtse dorp Ter-Kaple.*

Ha de stille lânbewenners.

Ek yet sorgen en fortriet?

Frede wernet ïn 'e fjilden,

Heart min siongen wîd en sîd. (*bis.*)

Friûnen! ja, sa heart min siongen,

Mar sa is 't ïn wierheit net.

Fînt m' ien roaske ïn dit libben,

Dat gjin skerpe doarnen hat? (*bis.*)

't Lieafdesintsje kaem to skinen

Op mîn gouden libbenswei,

Om my streeke in tal fen fryers,

'k Teach se ïn mîn onskild nei. (*bis.*)

Mar nou kom ik 't onderfinen,
 Ho 't de jeugd fordwaele kin,
 Op it smelle paed fen 't libben,
 Is se in bîtsje wif fen sin. (*bis.*)

Ik bin in ienichst dochter; 'k ha rike âlden en bin
 yet jong; reden genôch, om ïn ûs dagen troch in
 tal fen fryers oanbidden to wirden. In lokkige ta-
 komst stoe foar my iepen. Mar ik hie better op mîn
 stik stean moatten. Dwase earsucht en sucht nei îdel
 geniet ha my forblíne en op 'e dwaelwei brocht. Ik
 moast mîn eare net to grabbel smiten ha, om ta in
 spîlbal to tsjinjen fen har, dy hjir om my hinne
 streakje en flaye. Mar, och! ho giet it, as min yette
 jong is, en foaral as de âlden yen sa graech gau
 great sjogge? Mei fiftsjien jier gîng ik al keamerop
 en pas achtsjien — of mîn âlden wolle de saken al del-
 lidze en my in 't houliksboatsje sette, om sels yet
 hwet rêtstige dagen to sliten. Nou wernet hjir ïn ûs
 gea in rike boeresoan, dy my troch ûs heit bynei ta-
 twong wirdt. Us heit wol mar abslût ha, dat it earst-
 deis trouen wirde scil mei ûs en hy mient al, dat
 der gjin mis op is. Us mem, dy is er ek sterk foar
 dat ik ïn it houliksboatje stap, mar dy bepleitet de
 saek fen Stamsma, de soan fen in great-hând'ler, dy
 altid allike aerdich, innimmend en forkommend is,

er dy hjir dei oan dei om'e doarren floddert. Us heit
mei sa'n »*keale greatness*,» nei 't er seit, sa'n *freamde
poekah*» foar sîn eagen net sjen, en mem, dy jeu-
selt jimmer »*fanke, hwet scilste dôchs begjinne mei
sa'n veiten hin as dy Oebele: dy altid mei forkearde
hânden stiet. Lit dy fen my riede en nim de jongehear Stamsma; den kinste yet ris ta eare en oansjen
komme.*» En ik sels, as ik sels mîn hert ûtsprekke
mocht, den mar lit ik swye. Deroan falt
dôchs in 'e fierste fierste net to tinken. Om my lîk-
wols twinge to litten ta in houlik en dat net alhiel
mei 't sin? Heit en mem kinne yet lang wachtsje,
ear 't ik dêrta oergean.

OARDE TOANEEL.

MARYKE, WILLEM.

(*Willem komt troch de ef-
terdoar en scil in tsjîs in
'e doek dwaen of eat oars.*)

WILLEM.

Ear 't stou wer ta oergieste?

MARYKE.

Manliu moatte alles net witte. Folle manliu witte

fierst to folle, der fen dinne safolle lêst in mannich hûshâlding. As Kobus hjir nêst net wiste, dat sîn wif great mei de feint wier, den hied er der ek gjin lêst fen.

WILLEM.

Sa kin 'k ek wol. Astou net wiste, dat Stamsma yet oare »teedere liefdesbetrekkingen" ïn Hollân hat, den hast dou der ek gjin lêst fen. En dôchs wolste se graech witte.

MARYKE.

Greach witte? Wist dou se den?

WILLEM.

Ja, ik wit se Mary en nimmen oars.

MARYKE.

Mei ik se ek witte?

WILLEM.

Ei ja, hwa better as dou? Mar kin jimme âlde ús hjir ik oer 't mat komme?

MARYKE.

Dat scoe 'k net tinke, hwent hy sit mei alle iwer en flît ïn 'e âld pompieren om to skûrren. De hiele tafel leit fol, en dou witst wol, den komt er net fen 't plak. Ik bin siker al hast nysgierrich.

WILLEM.

Der hast it al. 't Is de moeite ek wol wirdich om nysgierrick to wirden. Jonge, ik ha fen 'e moarn sa 'n moaye fînst dien!

Dou moast witte, dat wy hjir jisterjûn in rear spektakel hawn ha, wîlst dou nei de bûrren en jimme folk nei Jochem Oebeles wieren. Hat Ké der neat fen sein ?

MARYKE.

Né, hat Stamsma wer oan 'e gong wêst?

WILLEM.

Ja, ek al. Dou moast witte , hy hie jimme heit sîn âld pakje klean oantein , en wîlst er dêrîn allerhande freamde grimmatsen makke, komt Oebele onforwacht oan 'e foardoar. Fêst om ris

MARYKE.

Dou hoeft my sa skean net oan to sjen, man!

WILLEM.

Nou, Stamsma, dat kinste bigripe, mienende, dat it jimme heit wier, makke as de dîvel, dat er ût 'e foetten kaem en krûpte biskûl efter 't fiurskerm by de waitobbe, werop Oebele kort dernei kaem to sitten. Disse joech wer lik as altîd kreftich

ôf fen Stamsima en sîn famîlje, en dertroch hat er ongemaklik de poat koalje moatten. Stamsma keilde him hals oer kop ïn 'e waitobbe; kletstrochwiet, en alhiel pûr hat er op 't lêst stap nei hûs set.

MARYKE.

Nou, nou, dat wier wrîchtich ek erger nôch! As heit dat wîs wirdt, krye wy wer in hopen spil. 't Is ek altid brîk mei Stamisma.

WILLEM.

Ja, mar nou hat er him sels ek lik to fiter hâwn. Hy hat mei al dat skreppen en avancearjen sîn brievetas der efter de waitobbe forspile, en dy ha ik fen 'e moarn fûn. Dou scoest net leauie kinne, hwet sa 'n ding al net forklappe kin. Sîn hiele libbens-skiednis der ïn 'e freamdte stiet er ïn ofbîlle en beskreaewn

*Willem hat onderwiles de
brievetas to forskin helle.*

MARYKE, (*hia wol de brievetas krye.*)

Wel stom! lit my gau ris sjen!

WILLEM.

Hou, hou hwet! doch efkes tîd. Nysgierrich, dy

frouliu! der is de ein fen wei. Der is »verboden vrucht” by, famke!

MARIKE.

»Verboden vrucht”? Min scoe sidze, hwa’t al net fen »verboden vrucht” praet! As wy hwet sjen wolle is ’t altid »verboden vrucht”!

WILLEM.

Ja, dat ha jimme oan Eva-memke to tankjen, hwent der ha jimme allegearre in foech aerdtsje fen oer-hâlden. Mar *dit* allinne meiste sjen. Tonei scil ik er dy wol mear fen sidze. (*Hij hat in brief to forsken helle.*) Lit ik him mar efkes forlëse, den kinsté ‘ris hearre, ho kreftich de lieafde is, dy ’t me sims in ‘e greate wrâld en by de hege liuwe fint.

Aangebedene Ludmilda!

Welhaast, mijne schoone, zal de gelukkige dag weder aanbreken, dat ik U van oog tot oog, van mond tot mond, van borst tot borst zal ontmoeten. Och! mocht ik eens met u werken en rusten, onder één dak, één doek, één dek. Goddelijke Ludmilda! mocht ik in het roosje veranderen, dat gjij aan uwe Hemelsche lippen drukt. »Ach, mein armer Herz!” Goddelijk

Duitsch!" gij kunt mijn gevoel niet uitdrukken, maar
ontvang de verzekering mijner onbegrensde liefde

Uwe, U eeuwig minnende
JONATHAN CERBERUS STAMSMA.

MARIJKE, (*forwûndere.*)

Is dat in brief fen Stamsma? Ho is 't mogelijk!!!

WILLEM.

Ja Maryke, en dat is yet neat by 't jinge ik nou
forswyne moat. Leau fry, de wrâld is fol contraria's.
De meast útienrinnende egenskippen en hodanich-
heden binne net selden ïn ien en deselde persoan for-
ienige. Min sjocht de wrâld fen buten. Hark ris:

In kening to *likjen*, In bid'ler to *wesen*.
Gjin iten op tafel, En 't goud foar de glêsen.
En hoed op 'e holle, En gjin cint ïn 'e bûs.
Fen ïnkomsten sprekke, En skild by de rûs.
Great foardwaen, heech sprekke, En dom as in sûch.
It lichem ïn tsjerke, De siel ïn 'e krûch.
Medailles as krîchsliu, En bang foar it fiûr.
Net lêse noch skriuwe, En lid fen 't Bistiûr.
De reissek op 't skouder, Der neat mei to dwaen.
Lieafdiedichheid prîsgje, En *sels* nea hwet jaen.
Sîn minderen flokke, Sîn mearderen flaye.

Swetse oer opriuchtens, En jimmer bidraye.
 Glêd om 'e troanje, En fen binnen net plûs.
 Rûch om 'e mule, En sa keal as in lûs.
 Rom fen gewisse, En nau op 'e cint.
 Skrieme om de earmoed, De tomme op 'e splint.
 Fin ïn 't »geloove," En grou faek ïn 't dwaen.
 Great ïn 't biloven, En lîts ïn it jaen.
 Helden ïn 't fryen, En slûgerts ïn 't wirk.
 Ite as protters, En skreppe as in liurk.
 Preekje oer forlioching, Sels dwaele ïn 't tsiuster,
 Us it paed wîse, En sels it paed biuster.
 Earm as 't swaeltsje, As 't ljiapkje dochs draye.
 Bang as de skiepkes, As 't hoantsje dochs kraye.
 In hûsfol rîksdaelders, Gjin greintsje forstân.
 Sa dom as in esel, En primus fen 't lân.
 Bang foar de dîvel, En flokke as in heiden.
 Al slop ïn 'e nearring, En kreftich ïn 't meiden.
 Ingels by oaren, En dîvels ïn hûs.
 For ofskaffer spîlje, En faken in rûs.
 Sa binne der folle, Hjir ek ïn ûs gea.
 Leau fry it is wierheit, Dus nim it net kwea.

Hwet seiste, binne dat gjin greate contrasten?
 En werom scoe Stamsma, mei al sîn iwighe lieafde, den
 ek dy brief net skreaewn ha, oan yet in oare »aller-
 lieafste." Dou hoeft er sels net iens oan to twifeljen.

MARYKE.

As dat wier is , en min sokke minnebrieven heart ,
den docht it my neat ny , dat min sa faken ïn
dy stêdske kranten lêst :

Echtscheiding , scheiding tusschen tafel en bed ,
niet te leenen en te borgen aan mijne huis-
vrouw , enz .

WILLEM , (*laeitsjende.*)

Dat 's ek yet in moaye contraria !
Dou kinst er ek wol grif op oan , Mary , dat dy
stêdske jongelingen en jongedochters de zenuwen
hwet al to âtwendig ha . Hia binne hwet al to
folle : *sentimenteel* .

MARYKE.

Al to folle by sindelike Neel , seiste ? Hwa is dat ?

WILLEM .

Ei ju ! *Sentimenteel* . Dat 's in Fransk wird ; dat
bithsiut »overgevoelig . ”

MARYKE .

Nou , hwet docht min ek mei sokke freamde wir-
den ïn ûs tael .

WILLEM.

Ja, hwet docht min er mei! Dy to brûken dat stiet deftich en geleard. Kom ris ûn dy saneamde »hoogere en beschaafde kringen“ wer 't libbet fen *bonjoures* en *malheurs*, fen *adien's* en *santé's*; hwer 't de jongelingen en jongedochters mei folle deftichheid sprekke fen *amusementen* en *engagemanten*, fen *conversations* en *invitaties*, fen *conveniëeren* en *distingueeren*, fen *soirées* en *negligées*, hwer 't folle buge as knipmessen en stappe as marionnetten (*dat bin fen dy houten mantsjes mei kramtrieden ûn 'e lisken*), mar wer 't se ek wol ris blaffe fen honger.

O, wat vindt ik die saus van middag dilicieus!
Gaat uwé straks mede promineeren? Heb ik de eer Madama van Oye te salueeren?

Dat binne folsinnen ût de moderne wrâld, dy 't mei in hiele echo ûtkraeid wirde. En hwet moat min fen sa'n neiteam sidze — ja, ek ûn Frîslan nimt dy sucht ta slaefske neifolging dei oan dei ta, — dy 't sîn memmetael, dy 't al by de twa tûsend jier âld is alhiel forxit en him skammet Fries to wêsen! Né, wy sionge:

Hwa 't Friske bloed troch d' ieren fliucht,
 Fen freamde smetten fry:

Hy siongt mei ûs bliuw »riucht en sliucht,”
 En flok de slaverny!
 O, Friesen! min it Friske lân,
 En hâld ûs tael ïn ear,
 Dy tael foar ’t folk sa ’n hechte bân,
 Dy bân sa sterk alear. (*bis.*)

MARYKE.

Stamsma hat oars doch sîn friske kom-ôf yet net
 forgotten, tinkt my. Hy is altid allike friûndlik,
 gemiensum en forkommend. En den sa ’n brief to
 skriuwen, towile er my ek tûsend eden swarre wol
 fen lieafde en trou! Siker Willem, dat kin ’k hast
 net leue.

WILLEM.

Wolste yet fjirder mei him însile, nei al hwet
 ik dy sa foar en nei fen him sein ha en wer ’t ik
 yet wit hwet byfoegje koe, dat is dîn saek. Wit:

»Dy ’t bêste frye en donsje kin
 Foldocht as man faek tige min.”

Ik sids dy, dat Stamsma dy ienkear djip onge-
 lokkich meitsje scil, aste him dîn jawird jowste.
 Sjoch út egen eagen, en lit dy net troch de skîn
 forblíne. Dat ried ik dy as trou friûnd.

MARYKE.

Ik stel din rie op pris, Willem; dat ha 'k altid dien. Ek is it dy fêst net forgotten, hwet ik dy ienkear sein ha, do wy oer 't marke dreauen om de kykes to melken. Gjin Oebele ef Stamsma scil my lokkich meitsje, dat wit ik.

WILLEM.

Werom er den yet langer mei oan to hâlden? Ik wit wol, dat din âlden hjir de haedrol spilje, mar min kin dochs yins egen lok net opofferje, allinne om de âlden to wille to wesen.

MARYKE.

Ik woe, dat ik fen beiden ontslein wier, sonder de hûslike frede to forbrekken.

WILLEM.

Der is siker wol mogelikheid op.

MARYKE.

Lit den ris hearre?

WILLEM.

Dat kin ik dy sa net sidze. Ik tsjinje der earst oer nei to tinken.

MARYKE.

Ja, mar jonge, dou witste net hwet er jisterjûn
by Jochems forspritsen is. As ik it wol ha, hat ûs
heit de saek mei Oebele en sîn âlden al klear, en
scille hia my in net spanne.

WILLEM, (*forheard.*)

Hwette? Dy in net spanue? Der scil ik hoopje ik foar
weitsje. Ik ha dy altid mei rie en die bystien, en nou
scil ik dy moarn in plan bikend meitsje, dat ik al
in dei of hwet in 'e holle hawn ha, mar dat *alles*,
ek de saek, dy 't wy langlêsten in 't boatsje for-
spritsen ha, ta 'n goed ein bringe kin.

Hy siongt:

WÎSE: *Daar kwam laatst een meisje van Schevening aan.*

Maryke leau siker ik stean dy to hân,
Tink om dîn eare en bliuw in dîn stân,
O, folgje dîn hert
En dwaen sa 't biheart,
Hwetst' den ek dochste, it rout dy nea net.

MARYKE.

Ja, Willem! ik sîkje ek jimmer dîn rie,
Dy my in 't libben sa wolkom faek wier.

Ja, leau dou mar fry,
 Ik tink wol om dy;
 Hwet er ek forfalt, wy steane elkoar by.

Togearre.

Wy driouken sa aerdich it marke wol oer,
 Wy dielden yet jimmer it swiet en it sûr,
 Wy wieren sa bly
 Sa froalik en fry,
 As 't wîntsje ûs waeide oer de weachjes in ly.
 Wy teagen sa faken de fjilden wol oer,
 Wy dielden yet jimmer it swiet en it sûr,
 Sa rom en sa bly,
 Sa froalik en fry,
 In lieafjend petear mei hwet grapkes der by.

TRÊDE TOANEEL.

DE FOARIGEN, STAMSMA.

(*Hy komt forheard op, skurt mei
 beide hânden in 'e bûsen om en
 rint mei feart op 'e waitobbe ta.*)

STAMSMA, (*fen 'e wise.*)

Divel Willem! nou is 't in boel hear! Min hiele

brievetas nei de moanne! Scoe 'k him hjir jister-jûne mei al dy gekheid net forspile ha?

WILLEM.

Den scil er der yet wol lidze. Mar binn'je derom sa fen 'e set, en dat in man, dy jimmer fen »Lit mar waye“ siongt? Sit er den fol munt- en bankbiljetten?

STAMSMA.

Och God! né. Dy ha 'k yet nea onder mîn bihear hawn en de brievatas wit net iens, dat er sokke dingen bisteane. Né, mar der sitte pompierien ïn fen greater oanbilang, dy 't mei gjin jild to biteljen binne. 't Is divelsk!

MARYKE.

Ik hâld 't er foar , Stamsma , dat dat ding fol minnebrieven en lieave portretten sit, dêr út Hollân of-komstich , hwent hwet bilangrike pompieren scoe in studint oars onder him birêstende ha , wer 't er him sa om oanstelt ?

STAMSMA, (*forheard.*)

Dy frouliu , net? Altid allike kweatinkend. Né

Maryke (*hy giet nei har ta en leit har de hán om 'e skouders*) dit sids ik, en dat ha 'k altid sein:

(*siongende en donsjende, mar net wild.*)

Wij hebben malkaâr,

Wij hebben malkaâr,

Wij hebben malkaâr zoo lief!

(*Har smûk oansjende.*)

Is 't sa net Mary? En den:

(*as foaren,*)

Wij krijgen malkaâr,

Wij krijgen malkaâr,

Wij krijgen malkaâr nou gauw!

(*Troch de áldbaes oerrompele nimme Stamsma en Willem in alle haest de flecht.*)

FIERDE TOANEEL.

MARYKE, SIOUKE.

SIOUKE, (*mei in lange wrakke hoed op, in álderwetsk klinkebaitsje oan, hwet brommerich.*)

Jimme mem hat sein, aste ek ris in 'e hûs kaemste. Min heart ef sjocht dy tsjinwirdich net.

MARYKE, (*in 't foartgean.*)

Gjin wonder, sîker. Jou binne ek sa doaf as in
snip, en ïn 'e hûs is net folle heil to bilibjen.

SIOUKE.

Hwet seiste?

MARYKE, (*torechkommende, lüder.*)

Ik sei, ik scil 'dalik hinne gean.

(*Hia pakt hwet gûd op en
giet, wiltst Siouke de tsjise-
ry neisiocht.*)

FIFTE TOANEEL.

SIOUKE, (*allinne.*)

Dat fanke strûnt hjir sa'n hiele dei mar efter om.
Der is fêst wer hwet geande. Mar dy jachtry, dy
scil ophâlde, dat scil er. Ik wol ris sjen, as ik
dy Stamsma, dy keale jakhals hjir ek fen 't hiem
keare kin. 't Is en bliuwt my mar onbegriplik ho
't mîn wîf yet safier weirinne kin mei sa'n lichte
fûgel, en den wol hia wrichtich ek yet ha, dat dy
freamde kwast maye mar boaskje scil mei Mary. Ho

kryt hia 't ïn 'e kop! Dy sucht nei greateid! dy sucht nei greateid! jonge, jonge, dy wol der tsjin-wirdich sa ïn! 't Bern moat en man ha fen oansjen seit se, jawol! moaye liu fen oansjen, dy 't hiar âlders kaptael der trochjeye. Ja, dat hiet nou foarûtgong en biskaving ïn ûs dagen. Hjir ïn ûs dorp ek, jawol! der is 't ek allegearre sok spil. — 't Is my in moaye foarûtgong as er in »sûphûske“ foroare wirdt ïn in herberge mei in »biljard royal;“ — as in Dominy sîn steek ofsmît en moarns trou nei »de Foarûtgong“ trapet om sîn moarsbittertsje; — as de bakkers hiar brea net sa krekt mear hoeve ôf te weagen; — as er hwet minder keallen slûke en hwet mear proces-verbalen makke wirde ta bate fen de skatkiste, jawol! in moaye foarûtgong! In moaye foarûtgong, as er frywillige skuteryen op 'e lappen komme, mei heitelâns lieafde en heldenfiûr ïn 't lif sa 't se beare, jawol! In sterke foarûtgong as » de heilige dienaar van 't evangelie“ sneins in ûre korter preket en Brand Simmenga, de kastelein, fen »de Foarûtgong“ sîn liochten fen 'e gelachkeamer dy jûns in ûre letter útdocht. In diûre foarûtgong as er doarwarders, saekwarnimmers, advokaten en notarissen op in pleats tasetten komme, jawol! »om te waken voor het heilig recht van deszelfs inwoners;“ — as er twaris safolle fjildwachters

en tryeris safolle nachtwachten oansteld wirde, jawol! *ter wille van de algemeene veiligheid*; wol in moaye foarûtgong!

En den dy forlochting en biskaving, jonge jonge, hwet in moaye biskaving, as de dîkarbeiders út kleare bileefdens op hiar skeppen hingjen geane, sa gau as se hwet ïn 'e fjirte oankommen siogge, om ïn pleats fen it âlde frîske »goendei jimme» in friûnlik »*goeden dag heeren*» klear to meitsjen, — in diûre biskaving as de boeredochters, dy 't alear mei skiep-pegrouen skealken en korte rokjes, mei bleate earmen en op klompen it dorp ïnstormjen kamen, nou parearje mei *blousen* en *sleepjaponnen*, *manchetten* en »*laarsjes met hooge hakken*,» wer se hast net op stean kinne, jawol! In sterke biskaving, as de bern les krye ïn de moderne wîtenskippen en mei toalfjier, as se de skoalle forlitte, mear fen Australië witte as fen ûs egen lân en better de ure kenne, werop van Speyk ïn 'e loft fleach, as hiar egen geboartedei, of dy fen hiar neibisteanden.

SEXE TOANEEL.

SIOUKE, STAMSMA.

(*Stamsma as Joad mei in bikhindich bocheltsje en ien fen 'e jasmouwen los delhingjende.*)

Hy siongt.

Goehjen morje, goehjen morje, goehjen morje,
alte heer!

SIOUKE.

Hèè.

STAMSMA.

Ken je Mozes, ken je Mozes, ken je Mozes dan niet meer?

SIOUKE, (*hirder en neyerkommende.*)

Hèè.

STAMSMA.

Mozes Nathan, Mozes Nathan, Mozes Nathan, zoo
je ziet.

SIOUKE, (*lüder en neyerkommende, as foaren.*)

STAMSMA.

Om naghosie, om naghosie, om naghosie — heb je niet?

SIOUKE, (*as foaren.*)

STAMMSMA.

Sjorum, sjorum, sjorum magaaye,
Valt er nijs te sjaggele?
Zeg poertje, valt er niet?

SIOUKE., (*lilts.*)

Ik ha gjin naghosie. Meitsje mar, datste hjir
wei komste. 't Libbet hjir fen poepen en smousen.
Allegearre om ûs to rûpeljen. Hwet dogge jimme
hjir? Gean nei jimme egen kwartier.

STAMMSMA.

Een eige kwartier? Een eige kwartier? We hebbe
geen eige kwartier. Honze natie is komme staan
verstrooid en verstote te worde, over de gansje aarde,
toen die leelike Gooijen Palestine binne komme staan
te neme, en die veryloekte Tirken Jerisselem hebbe
genomme. Hen wat motte wij nou?

SIOUKE.

Hèè.

STAMMSMA.

Hik zeg, wat hasse we nou motte, (*seafit*) âld giergert?

SIOUKE.

Dat jimm' er oan moatte? Wis en wrachtich; hwet oars! As wieren jimme yet helte tayer. Mienste dat jimme safolle better binne?

STAMSMA.

Hik zeg niet, has tot wij zooveel peter pinne; hik pen zelfs veel minder, want hik heb min heene harm komme staan verlies'.

SIOUKE.

In moaye stânfries. In echte smous biste. Hwet scoeste prate.

STAMSMA.

Dy snack net. (Lüder) Poer, je verstaat mij niet. Hik zeg as tat hik min heene harm pen komme staan te verlieze.

SIOUKE.

O, so, just, ja. En dou hieste dat ding op 'e rêch lieaver forlern, héé?

STAMSMA, (*him de rêch takearende.*)

Nheen, tat his het gebergte Ararat, waar Noach van weet to praat. Tat his min heiligdom has hij maar haliijd vol goue dukaten zat, weetje. (*Suniger.*) En

as er fol bankjes siet, den hoefde ik gjin moaye praet-sjes to meitsjen om dîn dochter er ôf to swikken.

SIOUKE.

Hèè.

STAMSMA.

Hik zeg, has tat hik van Hamsterdam pen gekomme.

SIOUKE.

En hwet scoe dat?

STAMSMA.

Wat tot zou? Tat zou zooveel, has tat hik kennis heb legge staan te make met je haanstaanden schoonzoon, (*suniger*) dy er skielik mei dîn moaye rîksdaelders op ôf giet.

SIOUKE.

So, jawol! lîk sikut lîk. In moaye eare, dy to kennen!

STAMSMA.

Nah! hik zeg, has tat het hen knappe jongen his en tat hij wel hopgong hin de wereld zal legge staan te make. Gaat huwe dochter, has hik vrage mag, meê naar Hamsterdam te wone?

SIOUKE.

Mîn dochter? Hwet scoe dat?

STAMSMA.

Wat tat zou? (*Suniger.*) Dat ik dat graech sjen
scoe om er mei dîn âlde Russen op ôf to gean.

SIOUKE.

Hwatte?

STAMSMA.

Tat ik tot graech zien zou, homdat ik den heer
Stamsma ken hals hen sjoviale jonge, die bij de ge-
heele stad rijkelijk krediet heeft. — (*fen siden.*) *Nou
scil 't wol better wirde.*

SIOUKE.

As in sjovele jonge, dy by de hiele stêd rîklik ïn
't krît stiet; jawol, dat haste sa slim net bigrepen,
sa 'n man is 't. Mar dat hoefst dou ûs hjir net to
fortellen; dat witte wy wol.

STAMSMA.

Divelsk! Scoe 'k my hjir sels de glêsen ek yet ris
ïn slaen kinne? Dy doave kwartel is liep, hear?

SÂNDE TOANEEL.

SIOUKE, STAMSMA, KÉ.

KÉ.

Boer, der is ien dy 't jou sprekke wol.

SIOUKE.

Ja, dat is ien, dy 't my ïn 'e nekke skoppe wol.
Jochem Oebeles is er.STAMSMA, (*fen siden.*)

't Wirdt nacht, hear!

SIOUKE.

O, so, just, ja, hâld dou dy joad den mar efkes
ïn 't each. Dy hat leauw 'k net folle goeds ïn 't sin.
(*Hy giet.*)

ACHSTE TOANEEL.

STAMSMA , .KÉ.

(*Stamsma fliucht op Ké oan, slacht de hânden om har ta en donset mei har it toaneel lâns siongende:*

Dat gaat naar de bosch toe, zoete, enz.

Ké sjocht Willem dy op 'e lûster stiet en skreaut:)
 »Willem! O Heare, Willem help!" enz. *Willem pakt Stamsma beet, werop disse him ontmaskert.*

KÉ, (*de hânden ïn elkoar slaende.*)

Jandorie, Stamsma!

STAMSMA , (*Treurich siongende:*)

De kans is nu verkeken, En zij komt nooit weerom, enz.

WILLEM , (*laitsjende tsjin Stamsma.*)

Dy âld rôt, net? Dy is jou dôch to slim wêst,
 Stamsma! As jy dat foarût witten hieden?

KÉ, (*tsjin Willem.*)

Hwet is er oan?

STAMSMA , (*dy gjin acht jout op Ké.*)

As ik dat foarût witten hie? Dou kenst' ek
 moai. As de Fransken foarût witten hieden, dat hia sa

fen 'e bok droame scild hieden, den scoeden hia ek
wel thûs bleauwn wêse. Ik sids: *Die niet waagt, die
niet wint, en frisch gewaagd is half gewonnen.*

WILLEM.

Mar hjir den »half verloren." Likwol, jou binn'
't allinnne net. Pieter fen hjir nêst, hat him mei
sîn »frisch gewaagd", ek al likl ïn 'e fingers snie'n,
do 't er forline maye sa rimpen dat kekene famke
troude, dat »krûdsje roer my net," dat min nou
mei gjin tange oantaeste scoe.

KÉ, (*kryt Willem ongedildich by de earm.*)

Hwet is er den dochs oân, ju?

STAMMSMA, (*tsjocht sîn freamd pakje út.*)

WILLEM.

Ei, Stamsma seoe 'd âldboer ris louterje of er sîn
Maryke ek yet ris ïn 'e wacht slepe koe. Dat hien'
we togearre sa oerlein.

KÉ

Ho oerlein?

WILLEM.

Sa ïn dat Joade-tenue. 'k Ha den alderstomst
lake. (*tsjin Stamsma.*) Ik tochte wrachting earst, hy
smît jou de doar út, Stamsma.

STAMSMA, (*Wer in 'e rige.*)

't Wier er wrachtig by ôf. Ik sids dy, dat dy âlde St. Felten liep is. Ik ha my egentlik al dîvelsk forsind... »Maar daarom niet getreurd.” — 'k Hat net mei *him* mar mei *sín dochter* to dwaen. — En as dy stomme súch fen in Oebele, dat onbegriplik mispunt er mar net mei striken giet, den mei 't yet hinne bruiye. Moast ik foar sa 'n »misgeboorte” onderdwaen, den scoe 'k me lieaver hwet stiennen om 'e hals bine en sîkje mîn fortûn by de wetterrotten in 'e poel.

Oebele súch moat in 'e lichte,
 't Giet den Willem sa 't it giet;
 Moast ik foar sa 'n stumpert swichtie,
 'k Sids dat 'k my lieaver hingje liet.

WILLEM.

Ienkear há we koalom in 'e lichte hawn in 'e waitobbe. Mar do is er gau wer boppe kaem.

KÉ, (*ek op 'e hichte fen 'e saek.*)

En wol ik jimme nou ris hwet sidze? — Hy giet wer in 'e lichte. 'k Wit er mear fen as jimme, al ho 'n bîtsje »notitie” jimme ek fen my nimme.

STAMSMA, (*froalik.*)

Notitie fen dy nimme? Ho folle woste? 't Komt

my op in bâtsje net oan. (*Hy springt wer mei har roan* b. f. *siongende*: Ik en mijn oude vrouw, enz.

KÉ, (*nysgierrich.*)

Hâld op, Stamsma! Hwet skeelt jou to maltieren. 'k Seil jou gewichtich nys fortelle, lit my den ek los.

STAMSMA, (*forheard, har loslittende.*)

So, hwet den?

KÉ, (*froalik glimkjende.*)

Jou kinne mar sionge:

De kans is niet verkeken
En zij komt wel weerom.
En zij komt wel weerom!

STAMSMA, (*belangstellend.*)

Wrachtich! Haste tîding fen Mary? In briefke?

KÉ

Né, mar Willem pas op! Dou scilsté swye
hear!

STAMSMA.

Willem kin swye as en dea poep. Fortel op mar

WILLEM.

Ja, ik scil er gjin wird fen kikke.

KÉ, (*gewichtich.*)

Nou, ûs boer en vrou lidze maye de saken del,
en Mary scil troue.

WILLEM en STAMSMA, (*forwûndere.*)

Mary troue? Maye?

KÉ.

Ja wier; 'k ha de vrou en Mary bestrûnd. Hia
wieren ïn 'e keamer en ik wier op 'e linnensouder —
Oebele krige er raer hwet lâns fen 'e vrou en jou,
Stamsma, ha wol aerdich hwet blomkes hawn.

STAMSMA.

Hwetste seiste! Wel stom! den scille de doarren
fen 't paredîs yet ris foar my iepen set wirde?

Lit den waye, waye, waye!

O, ik scil yet grif en fest

Kening kraye, kraye, kraye!

Hjir oer 't âlde Russenêst.

Nou, dit beloaf ik jimme, as ik hjir maye mei
de scepter ïn 'e hân »victoria» kraye kin, den scille
wy hjir in roane wîke mei enoar pret hâlde, en as

jimme er den sin aan ha, den kinne jimme op kosten
 fen 'e steat in pleisierreiske mei ûs nei Hollân dwaen. —
 Mar sjoch! as jimme my nou ek yet ris in hantsje
 helpe kinne, »vele kleintjes maken één groote” sei
 't wifke en do troude se in lítse kreupele snider;
 alle bâtsjes helpe, ôf — en oanrieden kin folle dwaen.
 My hwet forheffe en Oebele hwet leech lidze, jonge,
 den is er gjin faultsje oan 'e loft!

Hia sionge.

Wise: *Als iemand verre reizen doet.*

Wy hâlde jimmer goede moed,
 Den ken 't ûs net ontsjitte;
 Den komt op 't ein de rekken goed,
 Wy gean' it lok to miette.

Ienkear scil w' ûs *den formeitsje* (3 kear) 't kin net mis,
 Mei Siouke sîn Russen, ja, dat is wis.

Wy moatte mar sa folle as 't kin,
 Dy âlde stumpert troaye.
 O, ja, ik wit er alles fen,
 Den kom *ik* op 'e kroaye.

Oebele sûch dy *moat den wike*, (3 kear) ja, mei spoed,
 Wy hâlde mei elkoaren mar goede moed.

Maryke bern is fjirst to goed,
 Om mei sa 'n koal to trouen.

Wy witte, ja, mar al to goed,
It kaem har fêst to rouen.

Iendracht seil ûs kreftich meitsje (3 kear) dat 's in wet,
Hwer iendracht bistoe, der mislearre it nea net.

It girdin falt.

TREDDE BEDRIUW.

It Toaneel is in deftige binnenkeamer. Foar de tafel hinget in soart tapít, sa dat de taskouers der net onder sjen kinne, of er is in iepening in 'e grûnd fen 't toaneel of in ien fen de skermen, hwerût Willem letter onforwacht to foarskin komt.

EARSTE TOANEEL.

MARYKE, *allinne* (*kreas forklaeid.*)

Jünd scil de bûter jild jilde en de saek dy 't safolle lêst en onrêst hjir ïn 'e hûs brocht hat, foar goed ta 'n ein komme. — Us heit tinkt it doel, hwer 't er sa lang en kreftich for ïvere hat, disse jünd to berikken. Mem mient de saek, dy 't har safolle hollebrekken kostte hat, disse jünd ta in lokkich ein

to bringen. Oebele mîn sibbe fryer, scil disse jûnd om mear as ien reden alhiel ïn 'e wolken wêse, en Stamsma, dy jolige jongehear, siongt nou wis al ût sîn macht: » *Wat is 't vooruitzicht schoon!*! » — Och! ho ringen scil dy sinne fen blîde hope for har allegear ondergean, as de útkomste fen Willem sîn rieder is. Fiouer rotten reitsje er sa ïn *ien* falle, sei er, do 't er my sîn plan iepen lei en siker it is sa.

Jimme moatte witte, heit en mem wieren ïn 'e leste tîden beide allike friûndlîk tsjin my en ik tsjin har. Faker as ienkear wirkde er praet oer Maye, it boarkjen opjaen en den fen sels ek oer trouen. Mem, dy wol wiste, dat ik Stamsma *as fryer* fier de foarkar joech boppe Oebele, jeusele jimmer tsjin heit, dat er him net mei mîn fryery bemoeye, en my mîn egen gong gean litte moast. Hwerom, dat bigripe jimme. — Do nou ûs heit to mûk en ïn fortrouwien mei my oer Oebele begûn en ik sei, dat ik him as *man* fier boppe Stamsma stelde, do sei er hiel seaft tsjin mem: » *Nou Simkjen, ik leau ek, dat it best is, dat we Mary har egen gong gean litte en har net twinge ta-in houlîk, den ha wy ûs letter ek neat to forwiten.* »

En nou scille Oebele en Stamsma op mîn forlangen hjir disse jûnd oan hûs komme en scil ik in *bislis-*

sende kar dwaen. 't Seil my ris ny dwaen hwet tiding
Willem meibringt fen dy beide mannen.

GARDE TOANEEL.

MARYKE, WILLEM.

WILLEM *siongt.*

'k Romje op gjin greatheid, jild of stân,
Dy m' oeral 't heechste set.
Ik romje op deugd en sûn forstân,
Mary, sids, is 't sa net?

MARYKE.

Ik wol gjin greatheid, jild of stân,
Och né, dy wol ik net;
'k Wol lieafde mei in sân forstân,
Sids, Willem, leauste it net?

WILLEM, (*froalik.*)

Jonge, hwet wier de jongehear ïn 't skik, do 't ik
him it complement brocht fen dy en as er hjir jûn
oan hûs komme woe. En do 't ik him ek allegearre
mei kleuren útlein hie, dat it de âld baes sîn bestel
mei wier, do wier er alhiel ïn 'e wolken. »Jonge,»

sei er, »scil er in grote forsoening pleats ha? Den bin 'k er ût, hear!“ — En do 't ik him op 't lest sei, datstou in beslissende kar dwaen scoeste disse jûnd, do spreng er hast oan 'e souder ta en woe my mei alle geweld op in »fijne flesch“ traktearje, sidzende: it kin wol lye jù, âld Siouke moat doch alles bitelje.

MARYKE.

Scoe 't ek to erg wirde kinne? Op 't slimst....

WILLEM.

Praet my net fen to slim. De jongehear hat wol freamder batailles mei bywenne en sa faek al mei sok wetter foar de dokter west. Lit dat mar op my oankomme.

MARYKE.

Dou praetst er goed oer. Mar ik moat mei dat en al de kastanjes ût it fiûr helje.

WILLEM, (*har blier oansjende.*)

Der kryst din lean ek foar.

MARYKE.

Mar sids 'ris, hwet sei Oebele wol?

WILLEM.

Oebele sei, hy scoe jûnd *stellich* komme, en 't die

him neat ny , dat de saken sa roanen. Jimme heit hie 't him salang al blike littēn , dat hy de boppetoan wol hâlde scoe. — »Hia moasten wol ta my komme,” sei er hiel permantich, »hwent hwer scoeden hia oars hiar gelikens hjir fûn ha?” Sîn âlden wieren ek wakker op dré mei 't boadskip; en ik fielde wol, dat hia de rekken al klear hieden en wis fen de saek wieren , en dat Oebele yet mar efkes hinne moast om it »vol-daan” onder de rekkening to setten.

MARYKE.

Dou haste fêst neat ûtlitten , wol?

WILLEM.

De divel né. — De liu, dy 't har sels sa *verhoogd* ha , de iene mei jild en d' oare mei *greatheid* , dy meye wol ris goed *vernederd* wirde. —

't Seil my al ris ny dwaen , ho dy kat ût 'e beam komme scil. Wel , hwet scille dy beide candidaten , dy hjir nou jûnd op berop preekje scille , freamd troch 't hier sjen , as gjin *harten* mar *skoppen* aes troef wirdt.

MARYKE.

Mar divel , Willem! kinne wy ûs tîd hjir ek yet forbabbelje? 't Seil by achten wêse.

WILLEM, (*hy sjocht op 't horloasje.*)

Ja, wrachtich. 't Wirdt heech tîd om ôf to sakjen. Kom aan!

(*Hia geane siongende hinne.
Willem mei de hân om har ta.*)

TREDDE TOANEEL.

SIOUKE, SIMKJEN.

(*De âlde liu komme út tsjerke,
Simkjen ontdocht har fen it
ien en oar en giet dérnei
tsjinoer Sioukeboer sitten.*)

SIOUKE.

Ik bin mar bly, dat wy wer thûs binne. 't Is eigentlik ek to dom, dat ik yet sa trou nei tsjerke geaan. Ik kin er neat fen meinimme, sa staf bin 'k tsjinwirdich.

SIMKJEN.

Sok *staf* wêsen en *stôk doaf* wêsen, mîn goede man, komt al wakker op ien en 't selde ût.

SIOUKE.

Hwet sidse jy?

SIMKJEN, (*lüder.*)

Ik sids, dat liu, dy goed heare kinne, der wol oan ha, om hwet fen hiar prekers mei to nimmen.

SIOUKE.

O, jawol! dou woeste sidze, dat er hioeddeys tofolle nei de pronk en de pracht sioen wirdt. Jawol! as de frouliu ût 'e tsjerke komme, den is 't oan 'e kofjetafel al gau: »dy hie sa 'n pakjen oan, dy hie *dit* en in oar wer *dat* nys." Jawol, dou haste it by de riuchte ein. Oer de preek wirdt lieafst net wer praet, en as er al oer praet wirdt, kryt dominy in stek, dat er of to âlder- of to nyerwetsk is. — Foaral dy modelear-liu, dy ha altid de bek in beide hannen.

SIMKJEN.

Jou prate altid fen modelear; dat is mis, jou miene fêst de moderne lear.

SIOUKJE.

»Né, ik mien de lear, dy mei de mode op en ôf giet, hioed sa en moarn sa. De lear fen Stamsma en sîn gelikens scil ik mar sidze. — (*Hy hat onder-*

*wilen it almanak út it laed socht en der in ombledde.)
Binne ús skiep de — — net onder de raem wést,
Sim? Of wier it — — (Hy betinkt him en studear-
ret fjirder.*

SIMKJEN, (*docht as se him net heard hat.*)

Stamsma hat deroer fêst ris mei him oan 't rede-
nearjen west, en fen sels, hwet fen Stamsma komt
dat doocht net, al is 't ek nog sa goed. Mar dat
scil wol foroarje, as hy mar earst ris in ús familje op-
nomd wirdt. Den scille wy jou meienoar wol op'e hichte
krye mîn goeye man. Den scil dat stîve âlderwetske
der wol hwet ôf gean en de seden en manearen in
alles wol hwet biskaefder wirde. Siker, it is in grîs ho
onbiskoft en dom folle fen dat boerefolk yet is. Lêsen,
der wirdt nea om tocht. Op sîn bêst wordt de krante ris
neisioen en hwet in 't almanak ombledde om ris to
witten, ho 't mei 't beastejongjen en mei de kwartieren
fen 'e moane stiet, en of er winters ek froast of snie
to wachtsjen is.

Mar hwer scoe Maryke bliuwe? — Maryke! . . .

FJIRDE TOANEEL.

DE FOARIGEN, MARYKE.

MARYKE.

Hwet is 't, mem?

SIMKJEN.

Neat. Mar jou moatte hjir bliuwe. As dy feinten komme, tsjinje jou hjir to wêsen. Ha jou jy nou goed biret?

MARYKE.

Ja wis, ha 'k dat. Mar ik bin net fen sins in ienen mar to beslissen. Hia moatte my earst min takomst 'ris iepen lidze dy 't my by har to wachtsjen stiet.

SIMKJEN.

Der ha 'k neat tsjin. It giet foar hiel jou libben. Leau mar, as 't mannich pear yet ris fry stoe, dat er folle bannen forbritsen wirde scoene.

FIFTE TOANEEL.

DE FOARIGEN, STAMSMA.

STAMSMA, (*deftich klaid jout har alle-gear' de hân; Siouke nimt net folle notitie fen him.*)

Goe 'n avond! vrou Jelgersma, ho giet it? (*Hia giet opstean.*) Maryke, hwet seiste liea, ha 'k net goed op 'e tîd past. Ja, fanke, (*Hy ait har efkes en sjocht*

har smûk oan.) En jou ek yet wolfarrend, âlde baes?

*(Maryke set in stoel for him
del nêst har mem.)*

SIMKJEN, (*tsjin Stamsma.*)

Nou is 't den dôch einliks sa fier komd, Stamsma,
dat de saek for goed in ein nimme scil.

STAMMSMA.

'k Moat earlik bekenne, vrou Jelgersma, dat ik sa'n
ginstigen ôfrin sa ringen net forwachte hie. (*Hy goait,
sîn eintsje cigaer wei.*)

SIMKJEN.

Kry jou Stamsma in pîpe, Maryke! (*Hia giet.*)

(tsjin Stamsma.

Ja, jou moatte tinke, Stamsma, ik ha er mei
alle kreft efter sitten. Jonge, ik ha sa pleitsje moat-
ten om it sa fier to kryen.

STAMMSMA.

Ja, dat begriп ik. Oars hie 'k nea sa fier komd.
De âlde baes liket yet net biuster op 't skik to
wêsen. (*Hy sjocht nei him oer.*) Hy skînt al fry hwet
op my tsjin to hawwen, en 'k ha him dôch nea in
striе ïn 'e weilein.

SIMKJEN, (*glimkjende.*)

Dat scil mei de tîd wol wenne. As jou nou jûnd
de oerwinning mar bihelje en der twîfelje ik net
oan, hwent tink er om, dat ik op mîn iepenst west
bin; dat scil strak blikken dwaen. — Mar mei 'k sa
fry wêse jou efkes allinne to litten, Stamsma? (*Hia
giet.*)

STAMSMA, (*knipt op 'e neil en stekt de
âldboer de gek oan.*)

Dat scil ik him nou doch lappe, hèè! âlde jildwolf,
al ho stou it sûr oan my hasté. — En hwet scil dy
Oebele-sûch freamd opharkje, as *ik* moarn *flat* roppe
kin. (*Hy lûstert, hwent min heart hwa praten.*) Mar ïs dat Oebele sîn lûd net? — As min
oer de divel praet, skînt er mar net fier ôf to wêsen. —
Scoe er wrachtich al fen 'e moard heard ha?

SEXE TOANEEL.

SIOUKE, STAMSMA, OEBELE.

OEBELE, (*in 'e doar. Hy en Stamsma
sjen elkoar op en del oan.*)

STAMSMA, (*gekoanstekkend.*)

Nou, Oebele, meitsje dy mar gau wer ût 'e foetten
en sids tsjin jimme mem dat it *mis* is. De groetenis . . .

OEBELE.

Gean dou nei jimme mem en sids dat. Ik bin
hjir jûnd forsocht, en dou kirste Mary mar neisjen,
greate lawaeimakker!

SIOUKE, (*fornimt Oebele; hiel foarkommend.*)

Bist der al jonge? Kom gean gau sitten.

(*Hy set Oebele in stoel nêst
sin egen.*)

SAUNDE TOANEEL.

DE FOARIGEN, MARYKE, SIMKJEN.

(*Maryke jout elts in pipe.
Simkjen set in fles wîn mei
tabehearren op 'e tafel. Simk-
jen giet derop sitten nêst Stam-
sma. — De boer en Oebele
oan d' iene, de frou en Stam-
sma oan d' oare kant fen 'e
tafel hat wakker drok. Mary
rint óf en oan.*

OEBELE, (*tsjin Siouke.*)

Us súch hat jerjister onder de bear wést by Lolke
Kjellestirt op 'e Langelille.

SIOUKE.

Hê?

OEBELE, (*lûder.*)

Us sûch hat jerjister, ensf.

*(De vrouw en Stamsma laeitsje
om disse freamde útfal.)*

SIOUKE.

O, so, jawol. Is dat net in Chineeske bear? Dat
hat, mien ik, langlesten in 'e krante stien. Of wier 't
Amerikaensk ras?

OEBELE.

Lolke sei, hy wier fen Hongaerske komôf.

SIOUKE.

Jawol, dat miende ik al, mar ik wol leauwe
Oebele, dat dat freamde skai gjin foartgong nimme
scil. 't Is wer sa'n nyigheid, der 't me in 't earst
tige heech mei weirint, mar dy ringen hinne giet,
sa 't er komt is. 't Doch my biustere ny dat jimme
heit der sa mei op hawwe ken!

OEBELE.

Jou moatte witte Siouke, dat we alle jierren **wer**
aan in gruweliken lest hawwe fen 'e baergesiekte —
forline jier ha we in fjirtsjin dagen tîd thrye

beste hearstbiggen en in skoander ald such deroan forlern en nou kaem Tsjalke dongskipper okkerdeis to uses — jon witte wol, dy 't by groue Grealt fen 'e Froaskepoalle wenne hat foar feint, hy moast omke sidze tsjin Witse Sakes fen 't Leegein en sîn mem wier in folle sister fen Swobk, dy 't lang-lesten al hwet hiel rimpen trouwd is mei Jurjen Butendiks — nou dy Tsjalke dongskipper hat er ûs fen opdien en dy seit mar by kris en kras dat dy Hongaeren gjin lest fen 'e siekte krye — sa binne wy der oankomt.

(Stamsma is onderwilen oerein gien en hat Maryke hwet in 't ear flûstere; Oebele hat er skean nei loert en scoe jerne 't selde dwaen. It pettear fen Stamsma en de frou wier drok en fortrouwelik.)

SIOUKE.

To Mary, komste nou ek hast in 'e rigel. — En skinke jou de romers fol, Sim; de saek moet foart-gong ha. Wit hwennear 't wy oars yet to koai komme. (*Hy set de hoed ôf en giet oerein, tsjin Oebele en Stamsma.*) Ik kin jimme sidze, mannen,

dat jimme disse jûn hjir oan hûs komd binne, om
in gewichtige saek ta in ein to bringen.

Salik as jimme wollicht heard ha, wolle wy maye
ûs saken dellidze, om 't wy al in dei âlder wirde.
Nou wol Mary it houliksboatsje mar ïnstappe. Wy
ha ûs âlderlike tastimming derta jown. — Wy wolle
rûn en iepenhertig mei de saken foar 't liocht kom-
me; dat is ommers Frîske mode. *Mîn wif* hat jimmer
jou wâl ophalden, Stamsma, en *ik* ha jimmer
foar Oebele pleite. Mear as ien wier dit bikend, en
mear as ien hat my ta ûs alleroederbêst rêt, om
Mary net ta in houlik to twingen, lik as dat in 'e
greate wrâld faken bart, mar har in egen frye
kar dwaen to littien. En dy seil disse jûn plaets ha;
derta binne jimme hjir. Hiar forlangen moat ek ûs
forlangen wêse. Kinne jimme dat goed fine?

STAMMSMA.

Lang leve Jelgersma! Fryheid boppe al!

My tinkt op in byienkomst as disse, hwer de
freugdewîn foar ûs stiet, der past ek in froalik
sin, lit ûs allegearre opstean en drinke en klinke
ter eare fen Jelgersma!

KOAR.

Lang zal hij leven! Lang zal hij leven!

Lang zal hij leven in de gloria!

Victoria! Victoria!

Side, wide, wied, van bom sa sa, enz.

(*Elts giet wer sitten en de romers
wirde wer fol skonken.*)

SIMKJEN, (Is wer opstien.)

Nou ha ik ek yet in wirdsje foarof to sidzen.
In sa 'n gewichtige saek as disse moat men net to
rimpen in bislût nimme. Dat scoe letter roue kinne.
Dêrom scoe 'k wol foarstelle dat Oebele sawol as
Stamsma to neisteby de takomst iepen lidze, dy 't
Maryke by har to wachtsjen stiet. — Ha jimme
der hwet op tsjin?

STAMSMA, en dernei al de oaren.

Lang leve vrou Jelgersma! *Koar:* Lang zal zij
leven! Lang zal zij leven! ensf.

(*Min giet wer sitten, de romers
wirde wer fold en dernei giet
Stamsma opstean.*)

STAMSMA.

Ik wol dalik oan de winsk fen vrou Jelgersma
foldwaen. Sa lik as jimme bikend is, stean ik op
it punt om to promofjerjen ta dokter ïn de geneas-,
hiel- en forloskinst. De fortsginsten fen en dokter
hoef ik net ût to spinnen. Elts wit hwet in dok-

tersrekkening is. Der hoeft mar in bitsje opskreauw to wirden — om in heech totael to kryen. In pear forkearde magen en in rottich skonk jowe al in behoarlik ïnkommen en komt er maitids hwet koarts en hearstmis hwet kjeald by den is 't hielwol dokter to bliuwen. Fjirder wit ik dat de alte liu hiar ienigst dochter jerne ticht by har halde en omdat nou ûs dokter skielk foartgiet, sa wol ik, as 't is dat *ik* disse jûn de gelokkige wirde mei, om har en jimme to wille to wesen mîn tinte hjir op slaen en in jimme midden bliuwe. Maryke kin mefrou wirde en hir as mefrou tsjinsje litte. Ik hab sein. (*gekanstekkend tsjin Oebele*) Oebele nou dou!

OEBELE, (*forlegen.*)

Us foarnimmen is, dat ik wol troue wol mei Maryke en as ik har trou, wol 'k nou mar sidze, den kin hia alle wiken mei my nei de wîkmerk gean, en as 't Joustermerke wirdt, wol ik nou mar ris foronderstelle, den . . . den . . . den . . .

STAMSMA, (*falt him in 'e reden, de oaren falle mei in.*)

Dat 's mooi gezeid, (*bis.*) Dat 's drommels mooi gezeid! Wat of die fent gezopen heeft. Dat hy zoo mooi gesproken heeft! Dat 's mooi gezeid, (*bis.*) Dat 's drommels mooi gezeid!

STAMSMA.

Hoerah! Lang leve Oebele Hip!

SIOUKE, (*mei de holle hwet oer de tafel.*)

Ik ha 't allegearre wol net riucht hearre kinnen
om 't ik hwet staf bin; mar as ik it wol ha, den
kin de saek foartgong nimme. Nou Maryke, nou
is it wird oan dy, sprek dîn hert út en doch in
beslissende kar, dy 't dy hoopje ik nea roue scil.
Elts fen ús scil him der mei forienigje.....

MARYKE.

Nei alles hwet ik sa foar en nei en ek disse jûn
fen Oebele en fen Stamsma heard en forstien ha, bliu
ik by mîn earst opfette plan. Ik kin jimme sadwaen-
de ïn opriuchtheid meidiele, dat dy jinge my it neiste
oan 't herte leit, dy op dit eagenblik *it neist in mîn
neibyheid is.*

(*Stamsma skînt dit to wêsen.
Hy en Simkjen binne alhiel
ïn 'e wolken en fleane op
Maryke ta. De boer en Oebele
sjenne sûr.*)

STAMSMA, (*siongēde en donsjende.*)

Wij hebben malkaâr, Wij hebben malkaâr,
Wij hebben malkaâr nu toch.

(*Simkjen wol har ek lokwinskje.*)

MARYKE, (*mei klim.*)

Hou hwet, Stamsma! Jimme binne hwet al to forbarich. »Wy hebben malkaâr nog niet,” en dêrom kin ik jou lokwinsken yet net oannimme, mem! Ik forsikje jimme wer pleats to nimmen.

STAMSMA, (*tige forheard.*)

Hwet den? Ho is 't nou?

SIMKJEN, (*tige forheard.*)

Hwet kinsten nou?

MARYKE.

Ik forsikje jimme wer sitten to gean.

(*Oebele en Siouke begjinne ny libben to kryen.*)

MARYKE. (*kreftich.*)

Ik ha sein, dat ik dy jinge mîn hert en hân skinke wol, dy my op dit eagenblik de neiste is, en dat binne jou net, Stamsma.

OEBELE, (*ropt de boer mei kreft foar 't ear.*)

Ik bin 't wirden.

(*Siouke en Oebele fleane op
har ta. Stamsma en Simk-
jen siogge elkoar forbûke
oan.*)

MARYKE.

Hou, Oebele, jou binne hwet al to foarbarich, en ik kin jou lokwinsken yet net oannimme, heit. Ik ha sein, dat ik my oan dy jinge forbine woe, dy my op dat eagenblik de neiste wier en dat wieren jou net, Oebele. Ik ha graech, dat jim' wer sitten geane.

(*Stamsma en Simkjen krye
op ny hope.*)

SIOUKE, (*sjocht nei alle kanten rün en
wit net hwet er der oan hat.*)

Hé? Hwet nou?

OEBELE, (*Siouke foar 't ear.*)

Wy moatte wer sitten gean.

MARYKE, (*mei kreft.*)

»Tyeris is skippers riucht," seit it sprekwird, en derom seil ik yet ienkear mîn winsken herhelje. Oan dy jinge wol ik mîn hert en hân biede, dy op dit eagenblik it neist ïn mîn neibyheid is, en dat is . . .

WILLEM, (*rimpen út sín skúlhoeke kommende, ropt kreftich:*)

Willem!!! (Hia fleane allegearre forskrikt oerein.) Victoria! de list is lokt! De festing is innomd. Sa't ik hoopje mei frede. Forjow ús, wy koeden net oars.

(*Kort nei enoar.*)

OEBELE, (*wilst er op 'e tafel slacht.*)

Oplichtery! ik nim it onder getûgen!

SIOUKE, (*forheard Oebele oansjende.*)

Ho giet dat? Hwet nou?

SIMKJEN, (*skodhollet.*)

Freselik! freselik! Hwet in útkomste!

STAMSMA, (*mei beide hannen in 'e busen klauende of in 't hier.*)

Verloren! Verloren!

(*Algemien stilswyen. Elts in forslainde halding.*)

Yet ien treast, Amerika isbihâlden — en dou kinst er op sjen, greate Offe Knaesse!

OEBELE.

En dou kinst er nei rûke, greate lawaeimakker.

(*Oebele hat Stamsma hast al by de kladden, mar de ald-boer hald him tsjin en Simkjen komt er mei midden. Nei in algemien en lûd getsjantel onder en wer, hald Siouke op 't lêst it wird allinne.*)

Ho freamd en onforwacht disse útkomste ek wêse
mei foar ús allegearre, my tinkt as we riucht troch
sea en as Friesen ús werden trou bliuwe wolle, den
meye we deroer nou gjin lêst meitsje. — 't Is wier
dat er mei bline kaerten spile is, jawol! dat is sa,
mar wier bliuwt it ek, dat lieafde list siket en
wer twa honden fjuchtsje om en bonke, der rint
de tredde faek mei hinne.

STAMMSMA.

Der kenne we frede mei hawwe. Man en man en
wird en wird. Frede boppe al! — My tinkt Willem
hat disse jûn greater en romfoller oerwinning bihelle
as de Prûsen by Sédan: hy hat net *ien*, mar fiouer
partyen tagelik oerwûn, en dat ïn *ien* slach. En
hy hat dêrby net in helske Napoleon, mar in lieaf-
defolle ingel finsen nomd. Ik fin de strîd in ear-
like strîd, en de oerwinning in earfolle oerwinning,
en siong derom:

WÎSE: *Iö vivat.*

Mei blide sin, Mei blide sin
 De glêsen fier omheech!
 Dat 't jonge pear yet lang hjirmei
 Mei wille tinct oan disse dei,
 Dat winskje wy, Dat winskje wy,
 Lit klinke in lûd hoerah!

WILLEM EN MARYKE (*geane togearre nei de alde liu.*)

WILLEM.

Forjow ûs alde liu, dat Maryke en ik sa to mûk ta
 ûs doel komt binne. Ek Oebele en Stamsma, nim it ûs
 net kwea. Leau ûs, wy koeden net oars. Letter scil jim'
 ien en oar dûdlik wirkte. Op dit pas kinne we net
 oars as skild bekenne en forjeffenis freegje. Wy
 binne al boppe miette tankber dat de ofrin yet sa
 ginstich opnomd wird troch jim' allegearre.

SIOUKE en dérnei SIMKJEN, 't pear de hân jaende.

Ja bern! wy scille der frede mei ha. Wy winskje
 jimme op dit pas mar folle lok op jimme libbenswei.

OEBELE EN STAMSMA, ('t pear de hân jaende.)

Dat jimme lang en lokkich mei enoar libjemeye!

STAMSMA, (*hwet suniger.*)

En as 't ris safier komt, dat jim' in litse Siouke-
 boer krye, den ôfskoue, man!

WILLEM.

Wy thankje jimme allegearre foar de dielnimming.
 En jimme âlde liu scille wy fen steun en treast wêse,
 safolle as wy kinne. Stamsma en Oebele scille jimmer
 friëndskip en gastfryheid ïn ûs wente fine.

STAMMSMA.

Mei ik nou yet ris in wirdsje sidze? Mar jonge
 lit Ké hjir den earst ek komme.

KÉ.

Der bin 'k al. (*Hia winsket it jonge pear ek folle lok.*)

STAMMSMA.

To fanke! Kom hjir nou mar nêst my ïn 'e rigel.
 Mar stil, hear! — ik scil dichte:

Ik bin net hwet ik wêse moat,
 Der skeelt hiel folle oan;
 't Forstân, dat God my skonken hat,
 Hat just min lok bidoarn.
 'k Ha dêrmei op mîn libbenswei,
 Gjin wiere deugden socht.
 Forlieding hat my dei oan dei
 Op sliuchter paden brocht;
 Dertroch ha 'k lêst en onrêst fûn —
 Mar 'k bin 't allinne net,

Ek Oebele, 'k sids it riucht en rûn,
 Lîk as in Fries biheart,
 Dou hast gjin riuchte wille hawn,
 Forachting wier dîn lot,
 't Ontbriek dy mar oan sûn forstân,
 Dêrtroch mislieding, spot.
 Hwet ïn my wol ontwikk'le wier
 Dat slomre yet by dy,
 En nimmen fen ûs beiden wier
 Sa 't hearde. Leau my fry!
 Frou Jelgersma! O, ja, 't is wier,
 Dy sucht nei heger stân,
 Dy id'le pronk, dy id'le swier,
 Ontsiert de boerestân.
 Ienfaldich, nedrich, deugdsom, from,
 Dat bringt ûs achting oan,
 En jowt de wiere libbensblom,
 Tsjocht min hjir ienkear wei.
 Jou âlde baes, ek jou in wird,
 Jou mei it hearre of net,
 Wer jildsucht op 'e throane sit,
 Der fint me in klopjend hert;
 Der wirdt foar hûsgesin en steat,
 It wiere lok bidoarn,
 De flok, sawol fen lîts as great,
 Dy bringt de jildsucht oan.

En 'k scil nou mar net fjirder gean,
 't Kwea leant sín master faek,
 En 't goede fint altid sín lean;
 Dat wier hjir mar de saek,
 Dy 'k dûdlik meitsje woe.
 Hwent sjoch! min wit it net,
 As 't yet ris nuttich wêse koe,
 Safolle better yet.

SIOUKE.

WÎSE: *De winter komt zijn afscheid brengen.*

Rîkdom, né, dou kinst net bringe,
 Hwet in minske nedich hat,
 Om in suver lok to smeitsjen,
 Rîkdom, né, dat kinstou net.

KOAR.

*O, lit ús den, Safolle as 't kin,
 Om suvre deugd, In wîsheid ejen:
 Ta heil en sein fen 't minskebern!*

OEBELE.

Domheid, ja, dy moat hjir wike,
 Wer forstân mei wîsheid komt.
 Domheid moast hiar seilen strike —
 Wîsheid hat hiar pleats innomd.

KOAR.

*O, lit ús den, Safolle as 't kin,
Om sún forstan En wiſheid sjen:
Ta heil en sein fen 't minskebern!*

SIMKJEN.

Greatheid mei in tîdlang blinke,
En forblînje it minskehert,
As gjin deugd en lieafde blinke,
Is 't de wiere greatheid net.

KOAR

*O, lit ús den, Safolle as 't kin,
Om suvre deugd En lieafde sjen:
Ta heil en sein fen 't minskebern!*

ALLEGEARRE.

As w' allegear ús rollen spilen,
Sa 't folgens riucht en plicht biheart,
Den is op ierde nocht to finen,
Mar friânen, och! dat dwaen wy net.

Wy geane faek, En, o, dat rout!
Net op it paed, Dat wille ús jowt:
Mar dat ús lêst en onrêst brouwt.

It ierdsk toaneel troch God ūs skonken,
En ek ūs oanlids dy is goed,
As jimmer deugd en lieafde blonken,
Den kamen folle dingen goed;

Wy fūnen den, Ja, buten miet!
Riu wille en nocht, Hjir op disse ierd'.
Dy nei in better wenpleats liedt.

it.

nr. 642



By alle boekforkeapers to kryen:

Heech oan en Smalbrêgge net ienris besile,

OF

IT MAT EARST OP 'T SLIMST EAR 'T
BETTERJE KEN.

Blyspil mei sang ïn ien bedriuw. Troch de Skriuwer
fen *Fioner Rotten in ien Falle*.

Priis 40 Cinten.

IN BUIKE OAN 'E HOULIKSHIMMEL

OF

Wer twa kibje ha meastal beide skild.

Blyspil mei sang ïn thrye bedriuen.

Priis 40 Cinten.

Yet inkelde exemplaren fen:

TWA GRAPPIGE STIKKEN.

FORHALEN UT 'E FRANSKE TIJD.

FRITZ REUTER neiforteld troch W. DYKSTRA.

286 Blêdsiden for **ien gûne.**